

Bûten de stêd giet Jezus de krúswei

refrein:

Bûten de stêd giet Jezus de krúswei,
bûten de stêd fynt Jezus syn útein.
Bûten de stêd komt Gods grime op Him del,
docht Hy teneate de macht fan 'e hel.

1

Hark! Bern dy't sjonge ta syn ear:
Te priizjen is de Davidssoan,
dy't no op wei giet nei syn troan.
Hy is de Kening, Israels Hear.

refrein

2

De manlju raze, bot en hurd:
Dy Jezus is ús fierste slop,
dat hingje Him oan 't krús mar op.
Fuort mei dy Kening sûnder swurd!

refrein

3

Lûd klinkt fan froulju har geklei.
Mar Jezus mei har rou net sjen:
Gûl om jimsels en om jim bern.
Hy draacht syn krús en giet op wei.

refrein

4

Op 't berneliet bout God syn ear.
Wa't Jezus haatsje steane stom,
wannear't syn lof fan lytsen komt.
Wat is jo namme hearlik, Hear!

tekst Anka Brands – 'Buiten de poort heeft Jezus geleden', by Mattéus 21:15b-16, 27:22b,
Lukas 23:27-28, Psalm 8:3, Hebréeërs 13:12

oersetting David de Jong

meldij Luit Doornbos